

# Oantekens fan Toanielstúdzjeden en de besprekkings oer 'Plan23' fan "It Frysk Boun om Utens" op sneon 3 oktober 2015 yn de Driestwegtsjerke yn Nunspeet

2e ferzje - 09-10-2015

## 1. Toanielstúdzjeden

Oanwêzich binne de minsken sa't se op de presinsjelist steane.

De ynlieder, de hear Bouke Oldenhof wurket mei in professionele oanpak om fanút de tekst mei ús oan de slach te gean.

De les dy't hy ús leart: 'Spylje fanút de karakters, net fanút de karikatuer, mei respekt foar it eigene fan dat karakter'.

Alderearst fertelt Bouke wat oer himsels. Hy is al mear as tweintich jier aktyf as toanielskriuwer yn it Frysk en it Nederlânsk foar û.o. Tryater. Al earder ferskynde der in bondel fan sy hân. De bondel 'Fan letter soarch' dy't útkaam is yn 2014, wurdt troch Bouke oan eltsien útrikt en hy besprekt in trijetal teksten dy't wy hjoed spylje sille.

Bouke jout oan dat der in grut ferskil is tusken it amateurtoaniel en it beropstoaniel. By it amateurtoaniel wurde de spilers net betelle en se sjogge foaral nei de regisseur om te hearen hoe en wat se dwaan moatte. By it beropstoaniel leit it hiel oars. De spilers wurde wol betelle en der wurdt dan ek fan harren ferwachte dat se sels harren rol ynhâld jouwe.

In wichtich punt is dat in toanielspiler in bepaald personaazje spylje moat en net in karikatuer fan de persoan dy't hy spylje moat. Yn de praktyk makket dit in grut ferskil. Dêrby giet it foaral om de fraach: 'Wat is it doel fan wat spile wurdt'. Stees wer moat dy fraach troch de spiler oan jinsels steld wurde. By de tsjinspiler is der trochgeans altyd sprake fan wjerstân. Op ferskate wizen kin hjir op reagearre wurde, bygelyks troch te drigen en te skellen mar ek troch te ferlieden. It giet der by it toaniespyljen dus om om in kar te meitsjen foar in bepaalde strategy.

Nei dizze ynlieding besprekt Bouke de trije teksten dy't spile wurde sille. De earste tekst hat te meitsjen mei in petear tusken in frou dy't in beroerte krigen hat en har dochter. De frou praat der yn om en de dochter makket hat grutte soargen en skillet 112.

De twadde tekst hat te meitsjen mei in man dy't syn frou ferlern hat en no oan it ein fan syn libben yn in oanpaste wenning opnaam wurdt.

De tredde tekst is in petear tusken de koster fan in tsjerke en in nije dûmny dy't komt foar in proefpreek. De dûmny blykt in frou te wêzen en dat hat foar it spyljen hiel wat konsekwinsjes.

By alle trije teksten is der sprake fan spesifike personaazjes wêr't de spiler hiel wat yn kwyt kin. Boppedat giet it by alle trije om foarfallen yn it gewoane libben sa as dy eltse dei barre.

Nei it tawizen fan de rollen geane de kursisten yn twatallen oan it oefenjen yn de ferskillende sealen fan it kompleks wêr't wy by elkoar binne. Dêrnei wurden de stikken om de beurt opfierd en kin der troch eltsenien kommentaar jûn wurde. Fan dosint Bouke Oldenhof stekke we hiel wat op.

Oan it ein fan de middei is der in gearkomste fan de bestjoersleden fan It Boun en de kriteren en dêr wurdt tankber gebrûk fan makke. Alle trije stikken kinne no mei publyk spile wurde en de konklúzje is dat der dizze dei in protte leard is.

Bouke Oldenhof wurdt tige tank sein en it is by alle oanwêzigen dúdlik dat hy net samar earder yn it jier de 'Pyt van der Zee-priis' fan de provinsje Fryslân wûn hie. Alle spilers meije de bondel 'Fan letter soarch' dy't skrean is troch Bouke Oldenhof, hâlde en dêr binne se allegeare tige wiis mei. Al mei al wie it in tige learsume dei foar de toanielspilars fan ferskillende kriteren fan 'It Frysk Boun om Utens'.

Foardat de besprekking fan 'Plan23' útein set, spylje de dielnimmers oan de toanielstúdzjedei trije toanielstikjes..

## 2. PLAN23

Oanwêzich binne de minsken sa't se op de presinsjelist steane.

### lepenjen

Hâns Dijk leit út wat PLAN23 ynhâldt. Dat is op de AG yn april ek al wiidweidich besprutsen en de AG hat 'ja' sein tsjin it plan. Wy binne no ta oan de fierdere útwurking fan it plan. Foardat wy dêr mei begjinne, krijt Jouke v.d. Weide (foarsitter fan de koartlyn opheven krite De Haach) it wurd. Hy seit dat de krite De Haach nei 115 jier ophâldt te bestean; net omdat der gjin leden mear binne of omdat der gjin bestjoer is, mar omdat de leden sa âld wurde/binne dat se net mear op de kritejûnen komme kinne. Dan buorkje jo efterút, neffens Jouke, en dat is de bedoeling net. Guon leden wolle lykwols wol op de ien of oare wize fierder. PLAN23 soe der wol in kâns foar jaan kinne. Wy komme hjir noch oer te praten. Hâns seit fierder dat Jan Bijkerk noch wat fertelle sil oer de digitale saken.

### Ynlieding

Us eare-lid en âld skriuwer fan it Bounbestjoer, Hâns Weijer (krite SED en Assen) hat yn de tarieding op it petear oer PLAN23 in wichtige rol spile yn it tinken oer de foarm, wêryn't aksjes opsetten wurde kinne. Mei it neifolgjend stik wol hy graach syn idee oerbringe.

#### *PLAN23*

*Mailleden winne en geandewei sjen wat wy dêr mei kinne.*

*Sûnder nije oanpak rêde wy it net!*

*No't Wageningen (en ek De Haach) de holle del leit, is dat in goede oanlieding en begjin mei it winnen fan 'mailleden'.*

*Nêst de webside en it Ambyld is It Boun aktyf op Facebook.*

*Facebook is net ideaal / maklik foar âlderen, mar dat kin ûnderfongen wurde troch it nijs dat dêrop ferskynt te sammeljen / selektearjen en dan - mei ien druk op 'e knop - nei de 'mailleden' te stjoeren. Datselde jildt fansels ek foar alle nijs dat him foar docht: yndividuele 'mailleden' op dy wize sat streekrocht berikke.*

En dat sil grif wurkje.

Mei it each op Kulturele Haadstêd 2018 - mei sa mooglik in Friezedei c.q. AG yn Ljouwert - kinne 'mailleden' de boel fersterkje.

Mailadressen, hoe fine wy dy?

### **Sammelje**

- eigen adresselist
- fia adressen fan leden fan besteande kriteren, dy't wer kunde, freonen, famylje dêrfan, ensfh. derby belûke
- fia leden eardere kriteren - krektsa
- oprop op de webside fan It Boun
- oprop op de Facebookside fan It Boun
- oprop fia It Nijs
- fia Twitter (as wy der wat mei dogge)
- fia websides as 'hallofryslan'(fia Facebook) en 'fanvanfryslan.nl'
- fia KFFB De fleanende krie
- fia 'Ut de Smidte (Fryske Akademy)
- fia 'Letterhoeke (Tresoar)
- fia studinteselskippen
- .....

Dêrnei de sammele adressen in mail stjoere en it doel kenber meitsje, t.w.:

### **It tebek rinnen fan it ledetal fan It Boun opfange mei yndividuele 'mailleden'.**

Oanjaan wat sa'n maillidmaatskip dan ynhâlde sil / kin:

- Nijs fan belang foar de leden - wêr dan ek wei - wurdt maild.

NB Fansels kin je sizze, dat kin eltsenien sels ek wol opsykje! Yn teory is dat sa, mar ús doelgroep hat mear oan 'e holle en dan wol it Fryske der wolris by yn sjitte. En sa krije se it 'bytklear' oanbean.

### **Fierder**

As slachrjemme op 'e taart: 1 of 2 kear yn it jier in moetingmiddei mei útrin nei de betide jûn op in sintraal plak; it leafst yn in oare regio. It program moat fansels wol ynhâld (âldere jongerein en jongere âlderein) hawwe.

Dêrby freegje oft hja ree binne en wurdt op dy basis yndividueel fia de mail lid fan It Frysk Boun om Utens en betelje per jier in lyts ledejild fan bgl. € 5.-.

NB Fersjoch jimme der net op, want der wenje troch it hiele lân in hiele protte minsken dy't wol wat mei it Frysk en Fryslân hawwe.

### **De privacy**

As wy de dielname sa ynrjochtsje dat elkenien himsels opjout of him dêrmei akkoart ferklearret, dan jout de privacywetjouwing gjin inkeld probleem.

### **Konklúzjes**

- Hoe't it him krekt ûntwikkelje sil is op dit stuit net te besjen

- *Mar neffens my (Hâns Weijer) hat it in goede kâns fan slagjen!*

### *Oant sa fier de bydrage fan Hâns Weijer*

Hâns Dijk slút dit punt ôf mei de opmerking dat wy eins (noch) gjin ledejild freegje moatte. De drompel mat sa leech mooglik wêze. Fierders moatte de minsken harren e-mailadres sels trochjaan. Fan Wageningen en De Haach binne de adressen der al.

### Diskusje / fragen

Yn de diskusje dy't folget wurdt frege hoe wy 'yn 'e kunde' komme mei Friezen om ústens, dy't wy net kinne? Yn de bydrage fan Hâns Weijer wurdt oanjûn om hjirfoar de kriteleden en famylje te brûken. Fierders fia blêden as It Nijs en de studinteferienings. Faaks kin de RFFB ek in rol spylje.

Hâns Dijk neamt ek 'Kulturele Haadstêd 2018' as mooglikheid om mei de Friezen yn kontakt te kommen en de AG (en de Friezedei) dy't yn 2018 yn Ljouwert hâlden wurde moat. It Boun bestiet dan 95 jier. De gearkomste is it hjir mei iens.

Jan Piet Bergmans seit nochris dat wy gjin jild freegje moatte. Hy neamt 'Schoolbank' als foarbyld: it begjin is gratis, mar as jo mear wolle, kostet dat jild. Dat moat net!

Op de webside fan It Boun moat dúdliker wurde dat de minsken lid wurde kinne. It bestjoer sil him dêroer beriede.

Hjirmei wurdt PLAN23 ôfsluten.

### 3. **Sintrale BoekeFerkeap (SBF)**

De boekeferkeap rûn eartiids goed, mar rint no al in tal jierren tebek. Dat is in soarchpunt. It bestjoer fan It Boun sil op de kommende AG útstelle om op te hâlden mei de ferkeap fan nije boeken. Fraach dy't dan opkomt: wat dogge wy mei de foarrie? Ek op de bûsboekjes sit eins gjin fertsjinst, seit Janke Bergmans.

### 4. **Noch oare saken**

Jouke v.d. Weide seit dat der yn De Haach minsken binnen dy't wol fierder wolle mei in stikmannich saken, no't de krite ophâldt. Hy nimt bygl. de Fryske tsjerketsjinst. Mar sûnder finânsjes giet dat lestich. Dat jild ek foar bygl. in lêsrûnte / stúdzjerûnte. Kin It Boun hjir stypje? Hâns Dijk seit dat it bestjoer hjir oer neitinke sil.

### 5. **Mediasaken**

Jan Bijkerk jout útlis oer de webside; der moat mear oandacht / ynfolling komme oan it weblog. It wachtwurd hjirfoar (en ek foar de ynformaasjemap) is der net mear. Jo kinne ynlogge mei 'lidboun' en 'plan23'. Der stiet ek in hânlieding derby op de webside. Fia de webside kin men gjin lid fan It Boun wurde; dat kin wol fia de skriuwer. Op de webside soe ek in mooglikheid komme moatte en jou jo e-mailadres troch. Dit yn it ramt fan PLAN23. It bestjoer sil der mei oan 'e gong.

Fierders jout Jan Bijkerk útlis oer Facebook (fryskboun.omutens). De facebookpagina wurdt ûnderhâlden troch Jelma Wiegersma. As de krite hjir ynformaasje op hawwe wolle, kinne se dat trochjaan oan Jelma. Sa't it no op Facebook stiet is net altyd handich: elke aktiviteit moat eins in pear wike foarôf oan de aktiviteit op Facebook stean – no is dat mar ien kear foar alle aktiviteiten yn it winterskoft.

Om by Facebook te kinnen, moat men in facebook-akkount hawwe.

6. **Ofsluten**

Tsjin fiven slút Hâns Dijk de gearkomste mei tank oan alles wat ynbrocht en bepraten is.

Gerrit Stegenga  
9 oktober 2015.